

## OERSJOCH KOMPETYSJEKEATSEN EN KEATSTRAINEN

**Kabouters** (berne yn 2010, 2011 en begjin 2012)

Famkes   Jonges	Dei	Tiid	Perioade
Kompetysjekeatsen	Tiisdei	19:00 - 20:00	8 maaie - 28 augustus
Keatstrainen fjild	Tongersdei	17:00 - 18:00	3 maaie - 5 july
Trainer	nrb		
Teamlieders	Annabeth de Jong (JK) en Johannes Hazenberg (TK)		

**Welpen** (berne yn 2008 en 2009)

Famkes   Jonges	Dei	Tiid	Perioade
Kompetysjekeatsen	Tiisdei	19:00 - 20:30	8 maaie - 28 augustus
Keatstrainen fjild	Woansdei	17:00 - 18:00	9 maaie - 4 july
Trainer	nrb		
Teamlieders	Marit Kuperus (JK) en Johannes Hazenberg (TK)		

**Pupillen** (berne yn 2006 en 2007)

Famkes   Jonges	Dei	Tiid	Perioade
Kompetysjekeatsen	Tiisdei	19:00 - 20:30	8 maaie - 28 augustus
Keatstrainen fjild	Woansdei	18:00 - 19:00	9 maaie - 4 july
Trainer	nrb		
Teamlieders	Geertje Sijbesma (JK) en Lysbet Bakker / Robert Sijbesma (TK)		

**Skooljeugd** (berne yn 2004 en 2005)

Skoolfamkes	Dei	Tiid	Perioade
Kompetysjekeatsen	Tiisdei	19:00 - 20:30	8 maaie - 28 augustus
Keatstrainen fjild	Woansdei	18:00 - 19:00	9 maaie - 4 july
Trainer	nrb		
Teamlieders	Fetsje Terpstra (JK) en Lysbet Bakker (TK)		

Skooljonges	Dei	Tiid	Perioade
Kompetysjekeatsen	Tiisdei	19:00 - 20:30	8 maaie - 28 augustus
Keatstrainen fjild	Woansdei	18:00 - 19:00	9 maaie - 4 july
Trainer	nrb		
Teamlieders	Klaas Sixma (JK) en Robert Sijbesma (TK)		

**Jonges/famkes** (berne yn 2001, 2002 en 2003)

Famkes	Dei	Tiid	Perioade
Kompetysjekeatsen	Tiisdei	19:00 - 20:30	8 maaie - 28 augustus
Keatstrainen fjild	Tongersdei	18:00 - 19:00	3 maaie - 5 july
Trainer	nrb		
Teamlieders	Fetsje Terpstra (JK) en Lysbet Bakker (TK)		

Jonges	Dei	Tiid	Perioade
Kompetysjekeatsen	Tiisdei	19:00 - 20:30	8 maaie - 28 augustus
Keatstrainen fjild	Tongersdei	18:00 - 19:00	3 maaie - 5 july
Trainer	nrb		
Teamlieders	Klaas Sixma (JK) en Robert Sijbesma (TK)		

APRIL 2018

# Fan de Jongereinkommisje

## HOI KEATSTOPPERS FAN KF EASTEREIN!

**Leuk dat jim dit jier ek wer keatsen gean, wy binne tige bliid mei jim as lid binnen ús keatsferiening! Bewarje dizze flyer goed, der stiet alle ynfo yn foar it hiele seizoen.**

Op it momint dat wy mei dizze flyer oan de gong binne is de gefoelstemperatuer bûten -7 graden seit waarman Piet Paulusma. Nou jakkes, dan moat je der hielendal net oan finke om bûten tsjin in keatsbattsje te slaan. Brrrrr! Litte we mar hoopje dat as we aanst wer los geane, de koarte broek wer oan kin nei it fjild.

De keatskampkommisje sil dit jier alwer foar de 5e kear organisearre wurde en dat betsjut fansels **FEEST!** En lit dat no krekt wat wêze dêr't de komisje fan it keatskamp hiel goed yn is, in feestje bouw! Noch mear feest dan it oars al is? Kin hast net soene je sizze, dus wy sizze... 30 april, 1 en 2 maaie, pak jim tas fêst mar yn, dêr wolst by wêze!

Super bliid binne we mei ús nije oanwinst yn de jeugd-kommisje, de altyd entûsjaste Marit. Jim kinne har fêst

as... trainster... fan it keatskamp... as koach... as freondin fan Bauke... en dochs stelt se har sels noch efkes foar yn de flyer.

It kompetysjekeatsen begjint dit jier op tiisdei 8 maaie, dus tink der goed om dat jimme foar snein 6 maaie 20.00 oere jimme kaartsje by Geertje Sijbesma op de Hofleane 12 ynleverje. Mochten jim per ûngelok in kear te let wêze mei it kaartsje, jim kinne Geertje altyd efkes freegje oft der noch in plakje frij is. Soms kin dat noch wol, mar as alles al klear is dan slagget it net. Dan is it 'helaas pindakaas'.

**Dan it alderbelangrykste....** Wy as jeugdkommisje wolle jim allegear in hiel moai en sportyf keatsseizoen tawinskje en wy hoopje jim dan ek in soad op 'e keatsfjilden yn Easterein en omkriten te sjen!!!

**KEATSKAMP 2018!** Keatskamp, dit jier op:  
**moandei 30 april, tiisdei 1 maaie en woansdei 2 maaie!!**



DE JONGES EN FAMKES  
FAN 14-16 JIER MEIE FANSELS  
EK OP TONGERSDEI KOMPETYSJEKEATSE  
BY DE SENIOAREN FAN 19.30 OERE ÔF,  
DIT IS FAN 3 MAAIE -  
30 AUGUSTUS 2018

Opriichte yn 1904  
**KF Easterein**

## WEBSITE

Der stiet in hiel soad ynformaasje op ús website: [www.kfeasterein.nl](http://www.kfeasterein.nl)

It is in webside foar en fan ús allen, dus hasto in moai keatsferslach of in leuke keatsfoto dan kinst dat fansels altyd maile nei: [webbehear@kfeasterein.nl](mailto:webbehear@kfeasterein.nl)



## JONGEREINKOMMISSJE 2018

**Alders, sjogge jim dat lege plakje dêr yn it bestjoer? De kofje stiet al klear....**

Danny Roos	Foarsitter	06 - 36036611
Annebeth de Jong	Skriuwer	0515 - 331343
Marit Kuperus	Kontakt teamlieders	06 - 33333742
Fakatuere	Alg/fasilitaire saken	
Fetsje Terpstra	Opjefte jongerein	0515 - 331874
Klaas Sixma	Fjilden en materialen	0515 - 332963
Geertje Sijbesma	Kompetytsje saken	0515 - 332197

## PRIISWINNERS KOMPETYTSJE 2017

### Kabouters

1e	Thymen Santema	85 punten
2e	Femke Paauw	63 punten
3e	Pieter Age van der Weide	61 punten

### Welpen famkes

1e	Fianne Dijkstra	77 punten
2e	Eelkje de Jong	66 punten
3e	Brecht Stegenga	64 punten

### Welpen jonges

1e	Jorn Hiemstra	65 punten
2e	Sibrand Stremmer	60 punten
2e	Jorrit Stap	60 punten

### Pupillen famkes

1e	Liset Sijbesma	73 punten
2e	Senay Sixma	72 punten
3e	Judith van der Weerd	51 punten

### Pupillen jonges

1e	Redmer Wiersma	65 punten
2e	Ridzert Veldman	63 punten
3e	Jesper Paauw	57 punten

### Skoalfamkes

1e	Nynke Paauw	52 punten
2e	Tessa Ottens	50 punten

### Skoaljonges

1e	Siebo Boersma	52 punten
2e	Rutger Sijbesma	49 punten
3e	Bauke Reijnhoudt	45 punten

### Jonges/Famkes

1e	Machteld Veldman	77 punten
2e	Julia Paauw,	46 punten
3e	Selma de Boer	22 punten
3e	Halbe Willem Overall	22 punten

## ALDER BERN PARTIJ 2018

As dyn heit of mem no net keatse kin...  
pech?? Nee hear, dan sikest mar in leuke tante, neef, buorfrou of pake út.

**Eltsenien is wolkom om mei te dwaan!**

## EFKES FOARSTELLE...

**Myn namme is Marit Kuperus. Ik wenje sûnt 2014 yn Easterein tegearre mei Bauke Dijkstra.**

Fan myn 6e jier ôf wie ik altyd te finen op de keatsfjilden, elts wykein gong ik mei in soad plezier fuort te keatsen. Spilgernôch koe ik net mear alle wyk-einen keatse doe't ik nei myn stúdzje oan it wurk koe yn 'e sektor fan soarch en tsjinstferliening. Hjir wurkje ik mei bern dy't it thús net altyd like maklik ha en jong folwoeksenen dy't graach op harren sels wenje wolle, mar hjir en dêr noch wat help brûke kinne.

Ik sjoch dernei út de kommende jierren myn wurk en hobby te kombinearjen yn 'e Jongereinkommisje en hjirmei myn stientsje by te dragen oan Keatsferiening Easterein.



## PRIPPERKES OM TE WITTEN...

- Earste kompetysjejûn = **8 maaie**. Lêste kompetysjejûn = **28 augustus**. Dizze lêste kear telt net mear mei foar de kompetysjeútslach. Oars kinne wy de prizen sa hurd net bestelle foar de slôjûn op freed 31 augustus. We begjinne om 19.00 oere. Graach 5 minuten fan te foaren der wêze.
- Kompetysjekartaasje by Geertje Sijbesma bringe op Hofseane 12, **foar sneitejûn 20.00 oere**.
- Dit jier ek wer **kompetysjekeatsen** op **tiisdeitejûn** foar de jonges en famkes fan 14-16 jier, mar jim binne ek wolkom op tongersdeitejûn by de senioaren. Dus jim hoege net te kiezen, beide jûnen wolkom!
- **Allinnich bûtenleden** meie harren opjaan fia de mail foar de kompetysje, ek **foar sneitejûn 20.00 oere: kompetysje@kfeasterein.nl**
- As jim fuort gean te keatsen, federaasje of KNKB, kinne jim altyd in shirt fan KF Easterein ophelje by: Akke Jikke van Berkum, Dobbelan 4. Dizze is net bedoeld foar de eigen ledepartijen.
- Hast in leuk keatsferslach of in leuke foto, mail dan nei: **webbehear@kfeasterein.nl**. Fine in soad minsken leuk om te sjen!

**LET OP! >> LEDEPARTIJ OP TIISDEI 15 MAAIE (NET WOANSDEI) > OPJAAN FOAR SNEON 12 MAAIE 20.00 OERE**

## TEAMLIEDERS PER KATEGORY

**As teamlieders binne je mei de kompetysje it oansprekpunt foar de bern. Ek as je as âlders fragen ha kinne jo nei dizze persoan ta stappe.**

De TK (Technyske Kommisje) is ek mei de kompetysje safolle as mooglik op de fjilden te sjen. Sawol de teamlieders as de TK sjogge dan wa't der al fuort kinne te keatsen, nei sawol federaasje as KNKB wedstriden. De bern of âlders kinne de TK altyd fragen stelle, want ek elk TK-lid hat syn eigen kategory.

## KEATSWEEJTJES | REGELS...

- Nei de kompetysje freegje we de bern sels harren perk op te romjen.
- Mei it kompetysjekeatsen hat elkenien in funksje, opslagger, foarynse of efterynse.
- Mei de trainingen yn de hal of op it fjild, **ferplicht ôfmelde** by de trainer.
- Op tiid oanwêzich wêze mei de trainingen.
- Goeie ynset en sportiviteit.
- Spylje it spultsje mei dyn maat/maten sa dat jimme in goed en foaral gesellich partoer wurde.
- Gjinn raar gedrach en skellerij op de fjilden.
- Elkenien hat goeie sportklean en goeie skuon oan.
- Lit gjinn rommel efter yn de klaaiboksen en op it fjild, dêr ha se prullebakken foar úffûn.
- Meidwaan is op eigen risiko, de âlders bliuwe tidens it keatsen ferantwurdlik foar harren eigen bern

**SPORTYF COACHE = WINST!**

## OPJEFTE KEATSPARTIJEN

**Tidens it keatskamp krije jim fan de Technyske Kommisje in advys oan hokker wedstriden jim meidwaan kinne. Binne jim net oanwêzich tidens it keatskamp freegje dan jim trainer of teamlieders tidens it kompetysjekeatsen.**

OPJEFTE LEDEPARTIJEN  
[opjeftejongerein@kfeasterein.nl](mailto:opjeftejongerein@kfeasterein.nl)

**Woansdei partij:** foar sneitejûn 20.00 oere  
**Freed/sneons partij:** foar tiisdeitejûn 20.00 oere  
**Sneins partij:** foar woansdeitejûn 20.00 oere

- Opjefte KNKB of FEDERAASJE wedstriid**
- Klik op wedstriidagenda op de KNKB site: [www.knkb.nl](http://www.knkb.nl)
  - Zoek je wedstriiden op d.m.v. datum of wedstriidsoort.
  - Vul je bondsnummer\* en geboortedatum in, druk op volgende. Indien de opgave toegestaan is, dan zal jouw naam automatisch in het scherm verschijnen.
  - Vul een e-mailadres in voor opgave bevestiging.
  - Bevestigen en je ontvangt een bevestiging per mail.

**Let op:** De sluitingsdatum is op de **maandag 19.00 uur vóór de wedstriiddatum**. Na verzenden staat elke keatser die zich opgeeft voor een wedstrijd op een aanmeldijst die meteen zichtbaar is op de site.

## OPSLACHÔFSTANNEN 2018

Kategory	KNKB		Federaasje	
	Famkes	Jonges	Famkes	Jonges
Ofstân	yn meters	yn meters	yn meters	yn meters
Welpen (8 en 9 jier)	12	14	10	11
Pupillen (10 en 11 jier)	15	18	13	15
Skoaljeugd (12 en 13 jier)	18	22	16	19
Famkes (14 o/m 16 jier)	21		18	
Jonges (14 o/m 16 jier)		26		22

